

Trijehoeken

In koart ferhaal troch

Marija Makeska

(Marguerite Merington)



Oersetting: Janneke Spoelstra

oarewurden
||| |



drugizborovi
||| |

Trijehoeken

Marija Makeska

Luk wie in grutte wiskundefan, en hy wie noch mar tolve. Syn keamer wie grôtfol mei wiskundige foarmen, geometryske en trigonometryske formules, en dêrneist fleantugen, en blauwe muorren dêr't de ferve heal ôf wie trochdat der hieltyd wer oare posters op plakt waarden. Hy wie net in asosjaal bern dat nea mei oare jonges boarte – der wiene eins wol in soad jonges dêr't er wol by wie, mar syn bêste 'freon' wie in famke, Emma. It wie in suver platoanyske relaasje fan groep 1 ôf en somtiden wiene se as ûnskiedbere twillingen. Omdat se gjin bruorren of susters hiene, neamden se inoar soms “broer” en “sus”. Se liken sels in soad op inoar, foardat se gjin famylje wiene.

Luk en Emma wennen yn 'e prachtige âlde stêd Ljouwert, Leeuwarden yn it Hollânsk. It wie in unike âlde stêd mei grêften dy't har eigen skjintme hiene. It foel Luk, as in bern dat graach nei foarmen seach, op dat Ljouwert bysûnder wie yn 'e sin dat de ienfâldichste geometryske foarm yn 'e wrâld, de trijehoek, ûnderdiel wie fan alle monuminten – de brêgen, de gebouwen, de skoalle dêr't er brêgeklasser wie...

It wie maart, hast maitiid, doe't de grypepidemy oer de skoalle rôle, en Luk krige de gryp ek. Hy hie it goed te pakken; hy koe yn gjin dagen fan 't bêd ôf komme. Syn mem, dy't der allinne foar stie, skipper tusken wurk en foltiids mem wêzen. Se hie skjinn har nocht fan 'e gryp, en se besleat, omdat Luk altyd fergeat om syn medisinen yn te nimmen, mei him nei dokter te gean foardat it minder waard. Sels mei medisinen hold de gryp oan en Luk bleau wol trije wike op bêd. Emma kaam faak del en brocht altyd hús wurk mei, mar bleau net lang fanwegen it firus. Einlings, oan 'e ein fan 'e tredde wike, belle de learares fan skoalle, en frege oft Luk komme koe om syn wiskundetoets te dwaan. Syn mem gie dertsjinyn, mar sy woene dat Luk kaam en de toets makke. Dat hiene se no ienkear sa besletten.

It like sa ûnearlik. Luk hie sa'n protte dagen net west en moast no komme inkeld om te sakjen foar in toets. Hy lei in soad op bêd en die oars net as syn lichemstemperatuer mjitte en pillen trochslokke. Dochs fiede er him, op 'e moarn dat er hinne moast, in stik better. Dokter, dy't in freon fan syn mem wie, frege altyd hoe't it mei him gie en besocht in goed rolmodel te wêzen op it terrein fan sûnens. Luk wifele net om him moarns betiid te beljen. “Ik fiel my hjoed better, dokter. Ik yt goed, ik sliep goed, en ús mem makket myn bôle klear foar skoalle.” Wylst er mei de fêste telefoan dêr't in lange tried oan siet omrûn, die er de kast iepen en pakte in broek, in petsje en in T-shirt. Hy die de klean oan en rûn mei de telefoan nei de keuken.

Syn mem luts bûtengewoan enerzjyk de kuolkast iepen en smarde in stik bôle foar him. Luk siet soargeleas by de tafel, begûn fluch te iten en sei mei de mûle fol “...ik moat in wiskundetoets dwaan. De learares woe net dat ik dy letter yn helle. No ja, ús mem hat mei it haad fan 'e skoalle praat, en se wolle net dat ik dy toets letter meitsje...wêrom? Omdat ik dan efterop reitsje mei it hús wurk... It is in soad hús wurk foar ien dy't der hast in moanne net west hat... Tankjewol, goed dokter. Fansels kom ik nije wike mei ús mem foar kontrôle. Goeie.”

Hy lei de telefoan op 'e tafel, naam in grutte hap, en pakte doe gau de rêchsek en draafde nei de doar. "Sjoch dy, mem!"

"Dyn bôle!" Sy draafde nei de doar om him it bôletrompke mei te jaan. Luk bleau stean, kaam werom en die it yn 'e rêchsek.

"Net te ticht by oare bern yn 'e buert komme. Okee?"

"Ja, mem," sei hy. Oft it in ja, of in nee wie, hy soe Emma yn alle gefallen treffe.

Doe't de âlderwetske skoalbel troch de gong klonk, parte de learares de toetsen om. Doe't se Luk foarby wie en mei de rêch nei him ta stie, stuts Luk as protest de tonge nei har út. De bern laken stikem. Doe seach er nei de toets. It gie allegear oer de Stelling fan Pythagoras, it berekkenjen fan it folume fan in foarm, it berekkenjen fan 'e totale lingte fan alle siden, en it berekkenjen fan in side fan in foarm. Dêr wie er net foar kommen, en al hie er posters oan 'e muorre, hy hie nea leard om de formules te brûken. Hy seach nei de klok. It wie 11:15. Hy seach om him hinne, seach dat de learares oer har oantekeningen bûgd siet en djip yn tinzen wie. Hy begûn nei Emma har toets te sjen. Sy siet fuort neist him, mar oan in oar taffeltsje. Emma seach him sjen en draaide har toets sa dat hy him sjen koe. Luk bûgde de holle har kant út, en begûn de antwurden oer te skriuwen. It wie 11:25. De learares seach op, seach dat Emma te ticht by Luk siet. "Emma, do moatst dyn oandacht by dyn toets hâlde."

Emma gie wer op it gewoane plak sitten, want se wist dat de learares har in ûnfoldwaande jaan soe as se it wer die. Luk seach omleech nei syn toets. Hy tekene in grutte clown mei in trijehoekige jas en skreau syn namme "Joker." It wie 11:40... inkelde bern leveren de toets yn... Luk tekene troch. It wie 11:48... mear learlingen leveren har toets yn. Hy wie der wis fan dat er in ûnfoldwaande krije soe, en besleat om de toets yn te leverjen. Teloarsteld rûn er it lokaal út. Emma rûn efter him oan. "Wat? Do hast der hielendal net foar leard?"

"Ik koe net. Ik hie hege koarts." Luk rûn nei de haadútgong fan 'e skoalle.

"Ik kin dy no helpe." Se rûn wanhopich efter him oan.

"Te let. Mar dochs betanke." Hy prakkesearre, wie teloarsteld. Hy woe fuort. Emma stie yn 'e gong te sjen. De bel gie en sy moast wer nei it lokaal.

Mar Luk gie net nei hûs. Hy woe de stêd yn, earne hinne, makke net út wêr't er bedarre. De maitiid makke de strjartysten yn it sintrum fan Ljouwert wekker, se wiene al bûtendoar en beaen har strjitkeunst oan, muzikanten dy't op har ynstruminten muzyk makken, minsken dy't sieten te iten yn kafees en restaurants. Hy bedarre yn 'e Prinsetún. Dêr siet er allinne nei de fûgels te sjen, dy't oeral omhipten en songen, it lûd fan boaten yn it wetter en minsken dy't foarbyrûnen. Ynienen hearde er in bekende klassike wize dy't er syn hiele libben al koe. It wie in romantysk en hertstochtlik stik fan "De blauwe Donau". Hy gie op 'e muzikante ta, dy't allinne op in brêge op in fioele siet te spyljen. Se wie ûngefear fjirtjin en hie suterige klean oan. Se hie in tekken om har hinne slein, en hie smoarge fegen om it gesicht. Se biddele. Hy bleau stean om nei har prachtich spyljen te hearren. Se feroare de wize fuortendaliks yn "The Danube Love" en frege Luk sûnder wurden om jild yn it bakje te smiten. Luk seach frjemd nei har, ûnferskillich, mar wie ynteressearre yn 'e muzyk. "Ik fyn it in moai ferske."

It biddelfamke spile troch, súntsjes en wis. Se liet har net ôfliede. Luk seach yn it lege jildbakje en rûkte har.

“Do stjonkst. Ik soe noait jild yn it bakje goaie.” Doe't er de noas opluts en fuortrûn, seach se him as in rôfdier nei. Sy frommele gau fan in stik papier in prop en goaide dy efter him oan. Doe spile se ûnfersteurber troch en rjochte har op har muzykstik. Luk draaide him om, wist dat sy goaid hie, mar sy die krekt as seach se him net mear. Doe't er fuort rûn, seach se temûk wer nei him en seach se dat der mei stift wat op syn jas skreaun stie, mei in wite stip.

Luk hie gjin erch yn 'e feroaring op syn rêch, mar de wite stip waard frij gau grutter. Doe't er thúskaam, wie syn rêchsek te swier foar him en hy liet him by de doar falle. Hy seach nei syn earms – se feroaren yn in swartwytanimaasje fan himsels! Hy draafde nei de badkeamer om de “witens” fuort te poetsen, mar hy waard allinne mar wiet! Hy feroare yn papier. Hy stie helpleas foar de spegel, gûlde it út, wylst er seach dat syn gesicht swartwyt waard. Hy pakte gau de hândrûger en drûge syn liif, de earms fleagen yn it rûn. Hy draafde yntuifyt werom, mei it lêste bytsje krêft dat er hie, nei de foardoar. Wilens kaam syn mem troch de doar. Luk gie gau efterút, út har sicht, mar ticht by de rêchsek. Sy rûn nei de keuken en wylst sy de beurs en boadskippen dellei, sprong Luk efter de doar wei en ferdwûn yn syn rêchsek.

De rêchsek makke amper lûd, mar genôch om har oandacht te lûken. “Luk? Bisto thús?” Se seach om har hinne. In wite smiley ferskynde op in stikje papier tichtby har en skreau gau: “Ik bin by Emma, húswurk meitsje.” Se draaide har om en pakte it op. Se seach betochtsom. “Hy soe net tichtby ien komme... Ik kin him net tsjinhâlde. Hy moat syn húswurk dwaan.”

Luk lei de stift del. Hy stie ûnder it krabbeltsje dat er krekt skreaun hie en sykhelle in pear kear djip. Hy seach nei himsels. Hy wie no yn 'e papierdiminsje, dêr't alles makke wie fan papier, inket en stift. Hy die in pear stappen op papier, gewoan om te testen. Hy draaide gewichtleas yn 'e rûnte. Hy rûn yn 'e romte, krekt as rûn er bûtendoar. Hy kaam by trije trijehoeken, sprong derop, en klom op de heechste. Hy lake even... en sprong der ynienen wer ôf “HOERA!” Hy skreau in grutte letter T mei de fingers, pakte de earms fan 'e letter en dûnse dermei. Hy wie him net bewust fan 'e klanken fan “De Russyske Wals” dy't yn 'e fierte klonken, mar paste syn eigen dûnsjen oan op it ritme. Doe hong er syn eigen earms om de letters, en lake bliid.

Ynienen seach er in doar “DOCH IEPEN”... mar der wiene gjin kaaien, útsein foar de letter P, dy pakte er en dêrmei die er de doar iepen. Hy stapte nei binnen... en foel yn 'e romte, waard nei ûnderen lutsen.

Hy foel op in doaze, dy't alhiel fan trijehoeken makke wie. Hy kaam heal oerein, stuts in bytsje bang de holle omheech. De Joker dy't er op syn wiskundetoets tekene hie, kaam út ien fan 'e doazen mei syn oantekeningen, beweegde de earms en loste problemen op. Hy seach hastich nei Luk sûnder te witten dat dy by ûngelok fallen wie. “Kinsto my fertelle wat in kosinus fan 26 is?”

Luk seach him mei grutte eagen oan. “Okee, ik begryp it. Do bist net in wiskundige.” Joker kaam ta de doas út, rûn de romte yn, en telde beret. Ynienen draaide er him wer om nei Luk. “Wachtsje! Do sjochst der net trijehoekich út.”

Luk wie noch hielyd ferstuivere.

“Ik bin Joker, trouwens. Ik bin in probleemoplosser. Wêr komsto wei, ovaalhollich bern?”

“Leeuwarden,” antwurde Luk súntsjes.

“Ljouwert? Us stêd? Ik woe dat ik deryn omrinne koe en it allegear yn kleur sjen koe!” Joker wie ferrast oer de besite fan 'e oare diminsje.

“Wêrom? Ljouwert is yn kleur.”

“Goede fraach. Ja, it is yn kleur, mar allinne foar minsken en bisten út 'e kleurdminsje.”

“Wêr bin ik?” Luk stapte út 'e doaze.

“Yn dyn wiskunde problemen.”

“Ik begryp it net.”

“Ik sei – yn dyn wiskunde problemen,” sei Joker nochris geduldich.

“Wêr is dat?”

“No, ja... kom mei en do silst it sjen.” Joker rûn yn 'e rjochting fan 'e doar, wylst er mei de hannen telde en notysjes makke. Luk draafde efter him oan en die de doar iepen. In sterk wyt ljocht kaam derút, en Luk gie as earste nei binnen.

Hy seach om him hinne en waard fuortendaliks kjel. It wie in animaasjestêd makke fan trijehoeken! De minsken wiene trijehoekich, de auto's wiene trijehoeken, en de gebouwen hiene allegear trijehoeken. “Joker? Wêrom bestiet Ljouwert út allegear trijehoeken? En, it is ek net yn kleur,” sei Luk.

“Sjochst wol? Ik sei al dat is net watst sjochst yn 'e kleurdminsje...”

It foel Luk op dat op alle trijehoeken in wiskundige formule skreaun wie. Efter de auto's stie ynformaasje oer hoefolle brânstof oft se ferbrûke, hoe hurd oft de wolken foarby driuwe, hoefolle waarmte oft de sinne generearre, it gewicht fan minsken, hoe hurd oft se rinne... tûzenen formules wiene der. Luk hie oeral om him hinne formules.

“Wau. Do hast gelyk, Joker.” Luk folge Joker troch de strjitten. “Wêrom neame se dy eins Joker?”

“Goede fraach. Ik doch alle berekningen dy't der mar yn 'e wrâld binne.”

“Wêrom hast my net holpen doe't ik dy tekene op myn wiskundetoets?”

“Hasto my tekene? Hmm... Mar ik haw hjir altyd west.”

“Der wiene trijehoeken dy't my fregen om har siden op te lossen, folumes...”

“No, trijehoekteoryen binne ienfâldich. Alles yn 'e wrâld is makke fan trijehoeken. Begrypste?”

“Ja... in lyts bytsje.”

Joker stie by in muorre. Hy pakte in stift en lei út. “Dit is in rjochthoek, en dy kinst ferdiele yn ...”

“Twa trijehoeken.”

“En ik kin dizze beide trijehoeken ferdiele yn...”

“In hiel soad trijehoeken.”

“Alle trijehoeken kinne ferdield wurde yn twa trijehoeken en in hoeke fan njoggentich graden foarmje, en dan fynst de siden mei de Stelling fan Pythagoras.”

“Dat sei Emma ek al tsjin my!... Ik moat gean en de problemen oplosse... mar ik kin it net. Moarn krije wy de sifers te hearren fan 'e learares... hoe kin ik wer út dit wiskundeboek komme, Joker?”

“Do kinst der net út komme.” Hy lake hystearysk, as hie er wat yn it sin, doe rûn er fierder oer de strjitte, kontrolearre de formules, en korrizjearre se as der wat net doogde. Luk folge him út nijsgjirrigens en omdat er net wist wat er oars soe.

Joker rûn de Prinsetún yn, harke nei it lûd fan 'e stedsgrêft, de fûgels, de beammen en alle oare dingen dy't der te hearren wiene. Yn 'e fierte wie wer fioelemuzyk te hearren. Doe't Joker tichter by de brêge kaam, hearde Luk de melody. It wie syn favoryt klassyk liet "De blauwe Donau."

"Wêrom kin ik net gewoan út it boek stappe?" frege Luk.

Joker hearde him en feroare it ûnderwerp "Muzyk! Is it net prachtich? Muzyk en wiskunde hearre byinoar, as in broer en in suster! Muzyk helpt om wizer te wurden en wiskunde helpt om te begripen dat alles yn 'e wrâld om muzyk draait!"

Joker naam Luk mei nei de brêge, dêr't it biddelfamke siet te spyljen. Luk koe har werom. "Moatst Constance goeie sizze, sy is ús ynspiraasje!" Joker wiisde nei har.

Luk fielde him bedragen. Hy wie dêr hinne lokke, nei't er har fernedere hie.

"Hoi," sei er mei de holle foardel.

It biddelfamke spile in lilke melody.

"Hoe witsto dat ik har ken?" Luk stie fersteld.

"Ljouwert is allinne foar dyn diminsje kleurryk. Okee?"

It biddelfamke hold ynienen op fan spyljen. Luk wist noch hieltyd neat te sizzen. It wie in skoftke aaklik stil.

"Splyje in moai deuntsje, Constance." Joker ferbruts de stilte.

It biddelfamke spile nochris in grappich, bekend wyske, "Anna's Polka" fan Straus. Luk wie likk op himsels. Mar Joker sprong as in bern yn it rûn op 'e muzyk mei in glim op it gesicht.

"It spyt my sa, Constance... Ik wist net datsto..."

It biddelfamke hold wer ynienen op fan spyljen.

"It spyt my sa," sei Luk nochris.

Constance spile falske ferûntrêstende melodyen dy't de brêge en de gebouwen skodzje lieten, dy't it wetter yn beroering brochten en in ierdske feroarsaken.

"Asjebleaft, help my. Ik wol nei hûs." Luk wie ernstiger as earder.

Constance spile troch en woe net nei Luk harkje. Hy seach dat syn smeejen net help en hy draaide him nei Joker, dy't al in hiel fan Luk ôf wie. "Joker, wêr giesto hinne?"

"O. Bisto dêr wer." Joker kearde him nei Luk, wylst er de oandacht net fan 'e wiskunde problemen ôf hie.

"Wachtsje! Wolsto my hjir net hawwe?" Luk fielde him allinnich, ek al wie er by him.

"Ik haw it drok," sei Joker.

"Wêrom swalkesto sa om?"

"Nee. Ik swalkje net, ik kontrolearje allinne de berekningen fan 'e stêd."

"Berekningen? Wêrom?"

"Ik rapportearje oan Mem Natuer dat alle fjouwer basiskrêften fan 'e Natuer noch yn balâns binne."

"Ik woe dat ik alles watsto seist begriep." Luk koe Joker lang net folgje.

"Dat silsto ek. Ea," antwurde Joker, wylst er telde.

"No, hoe kin ik dan teminsten de problemen oplosse dêr't ik op skoalle net útkaam?"

Gjin antwurd. Luk wachte geduldich op 'e dyk, seach hoe't Joker hieltyd fierder fuortrûn. Unferwachts draaide Joker him om: "Tink mei dyn holle."

Luk klaude him op 'e holle en stie in skoft stil. Hy kaam op in idee, wylst er nei de trijehoeken seach.

It wie al 19:30. Emma siet noflik yn 'e pyama efter har buro, yn har keamer en die har wiskundehúswurk. In smiley dûkte op yn har wiskundeboek. "Emma!"

Emma draaide nei it rût. Inkeld tsjuster wie dêrbûten, en de gerdinen waaiden in bytsje op 'e frisse wyn. "Emma! Ik bin it, Luk. Sjoch, ik ferwachtsje net datsto witst wêr't ik bin of datst my weromkenst. Mar ik wit datsto my hearre kinst."

Emma seach fernuvere om har hinne. Se gie oerein en die it rût ticht. "Ik bin yn dyn wiskundeboek, Emma."

Emma seach nei de iepensleine side yn har wiskundeboek. Luk lake, as in swartwite animaasjesmiley. "Wat?!" Se sprong fan 'e stoel.

"Ik wit datsto dyn eagen amper leauwe kinst, mar ik bin it, Luk."

"Ik ferbrân myn wiskundeboek!" Se gûlde hast.

"Nee, suske, ik bin it echt. Asto dyn wiskundeboek yn 'e brân stekst, bist my kwy, en do kinst dyn húswurk net meitsje. Dus harkje even nei my."

"Ik snap net hoe'tsto dit wêze kinst..."

"It is echt sa! Mar ik moat hjirút en do bist de iennichste dy't my helpe kin."

Ynienen gie de telefoan. Emma naam him op. "Hallo?"

"Hoi, dit is Luk syn mem. Ik frege my ôf oft Luk noch hieltyd by jim is. Hy hat my hjoed net belle en hy hat in briefke efterlitten dat er nei dy ta gie, húswurk meitsje."

"Wa is it?" lústere Luk.

"Jim mem," lústere Emma tsjin him. "Hy is hjir. Hy hat drok oan 'e gong west mei it húswurk en hy sliept hast."

"Ik kin him wol ophelje."

"We binne noch net klear mei alle wiskunde-opdrachten en hy is alwer wekker." Emma seach nei Luk wylst se prate. "We hawwe de hiele nacht noch wol nedich om se ôf te krijen. Us mem sil wol soargje dat er moarn op 'e tiid op skoalle is."

"Kin ik even mei him prate?"

"Ja," lústere Luk. Emma lei de telefoan op it boek. "Hallo? Ja, mem, hjir bin ik. Ik wie yn 'e sliep fallen." Hy die as gappe er. "Ik moat wer oan 'e gong... Moai datst bellest, mem. Fyn ik leaf fan dy."

De ferbining wie ferbrutsen. Emma wie noch ferbjustere. "Do bist it echt!"

"Sjoch, Emma. Ik moat dy wat freegje. Lis my moarn op 'e learares har buro en lis dyn boek oer de wiskundetoetsen. En tel oant fiif ta. Wolst dat foar my dwaan? Asjebleaft?"

Emma knikte.

It wie al 10:30, tiid foar lunch op skoalle. Emma rûn it wiskundelokaal yn en lei har wiskundeboek op it buro fan 'e learares oer de toets. Se telde oant fiif ta sa't har frege wie en doe gie se mei it wiskundeboek op har eigen stoel sitten. De learares kaam deryn en seach Emma allinne sitten.

"Emma? Hoechoest net mei de oaren dyn bôle op te iten?"

"Ik haw gjin honger. Ik wachtsje hjir op 'e oaren."

De learares pakte de toetsen en begûn se nei te sjen. Wilens wie Luk al sprongen. Hy ferbettere in pear fan Emma har antwurden, en gie troch mei it meitsjen fan de wiskunde-opdrachten fan syn eigen toets. Hy seach dat de siden nochal fluch begûnen te ferdwinen. Hy die syn bêst om se ôf te krijen. Hy seach dat er noch mar in pear siden hoegde te dwaan. Hy smiet de tekening fan Joker fuort en skreau it lêste antwurd fan 'e lêste fraach, wylst de learares syn toets ophelle. Hy hie gjin tiid om te ferplakken en bleau as in smiley neist it antwurd fan 'e fraach stean.

De learares seach syn toets nei en joech him in tsien en glimke nei de leave smiley. Se kleure him read yn en lei de toets del. Luk syn glim waard in fertrietlik gesicht.

De klas kaam deryn. Emma naam Luk syn toets mei. Se seach earst ûnleauwich nei har eigen. Se hie alle punten dy't der te heljen wiene. Doe seach se nei Luk syn toets, en werkende syn opkleure smiley. Se besocht it read út te gomjen, mar it wie inket. Se luts oan 'e skouders en joech it op. Luk luts in frustrearre gesicht. Hy skreau: "Bring my nei de brêge, sykje it biddelfamke op. Help my om hjir út te kommen." Emma knypeage, wylst se nei de stim fan 'e learares harke.

Nei skoaltiid fûn Emma Constance, it biddelfamke, op 'e brêge. Earst hearde se de "Blauwe Donau" yn 'e fierte spyljen op 'e fioele. Doe't se tichterby Constance kaam, feroare de wize yn "The Danube Love", wylst Constance sûnder wurden om wat lytsjild frege. Emma stie even nei har te harkjen en goaide in muntstik yn it bakje. It biddelfamke negearre har, spile ûnfersteurber de prachtige wize. Emma beweegde net. Se goaide noch in munt. Constance betanke sûnder wurden en spile de "Russyske Wals". Emma stie nei har te harkjen. Se goaide in tredde munt. Constance spile "De dûns fan 'e blommen" fan Tchaikovsky. Emma draaide nei de grêft, seach de trijehoekige wetterstreamen en de minsken dy't dêr omrûnen. Se harke wer nei Constance. Dy wie noch hieltyd op 'e muzyk fokust. Emma liet har Luk syn toets sjen, en wiisde nei it opkleure fertrietlike gesichtje. Se goaide in fjirde munt yn it bakje. Constance hold op fan spyljen. Emma wachte oant se wat sei.

"Pak it jild en doch it yn dyn tas." Constance joech einlings in oanwizing.

Emma seach nei it bakje. De fjouwer munten wiene de iennigen dy't se hie. Se bûgde ûngemaklik nei ûnderen en pakte it lytsjild op, die it yn har tas. Constance spile fleurich de "Weenske Wals". Emma seach nei har, wylst se stadich by de brêge wei rûn. Har rêchsek waard ynienen grutter en swierder. Emma sette him op 'e dyk. De boppeste flap gie iepen en Luk syn reade holle ferskynde. Hy stapte der hielendal út. Emma waard kjel, mar doe't er derút wie, lake se, pakte in blauwe stift en kleure har wangen. Beide seagen se nei Constance dy't op 'e fioele spile. Se draaiden har om nei de strjitte, sprongen en dûnsen op har muzyk.

Doe't Luk thúskaam, siet syn mem te gûlen. Se dronk wetter mei sûker. "Wêr hasto dizze beide dagen úthongen?"

Luk kroep har oan. "Ik wie op in hiele belangrike missy." Hy liet har de toets sjen. "Mei ik no boartsje?"

Se lake bliid en knikte. Luk en Emma draafden nei syn keamer, diene de doar iepen en skrokken har wyld. Se stiene beide mei de mûle iepen. Foar harren stie Joker yn kleur en hy meat Luk syn keamer op mei in mjitlint.

"De wrâld is prachtich yn kleur... hmm... mar ik moat gewoan suver alles mjitte!"